

Marijke de Boer

By wize fan boetedwaning

"(In) ferhaal oer de lêste oarlochswinter, doe't Dútsers in ynfal diene op 'e Hûnepleats te Ealsum. Der kamen trije minsken by om it libben. En dat troch ien kûgel fan Ingelse makkelei. Ien kûgel dy't nea ôfgien is."

Dy rigels stean op de achterflap fan it nijste boek fan Durk van der Ploeg *It wrede foarjier*. Nijsgjirrich hoe't it tema fan de oarloch útwurke wêze soe en hoe't it mei dy kûgel siet, bin ik begûn te lêzen.

De ferteller skriuwt syn ferhaal by wize fan boetedwaning. Hy hat net lang mear te libjen en in heale ieu nei de oarloch beslút er om syn lêste pear moannen fan de Twadde Wrâldoarloch op papier te setten, in ferhaal dat er gjinien fertelle kinnen hie. "Ferhalen dy't my al jierren troch de kop spylje, ik mei wol sizze, ferhalen dy't myn libben efterfolge hawwe en mei it âlder wurden in hieltyd twingender foarm krije" (s. 12).

Tie, in âldere man fan sa'n 65 jier, sit allinne yn 'e hûs. It is begjin maaie, de tiid fan it wrede foarjier. Wreed om't de deadebetinking mei de oantinkens oan de oarlochstiid wer boppe komme. "En ik wol foldwaning. Ik sykje lykwicht yn myn emoasjes mei it fielen fan haat, wraak en de eask fan gerjochtichheid" (s. 11).

De man giet werom nei de oarlochsjierrren doe't er op de Hûnepleats te Ealsum wenne. Hy is in jonge fan 14 jier, op 'e grins fan folwoeksenheid, libbet yn in kristlik fermidden, en hat foar it earst te krijen mei har ûntjaande eroatyske gefoelens. Dy hat er foar Maria, ien fan de evakuees, dy't op de pleats wenje.

Yn 'e hjerst fan 1944 komme twa ûnderdûkers op de pleats en letter noch in pear evakuees. Yn 'e rin fan de tiid wurdt de famylje mear belutsen by aktiviteiten fan de ûndergrûnse. Nachts wurde mei fleantugen droppings útfierd op it lân by de pleats en wapens wurde ferstoppe en ferparte. De jonge wurdt as snotaap oeral bûten hâlden en dat sinniget him net, hy wol graach in held wêze en der by hearre. Troch in gat yn de souderfluer heart er wat der geande is.

Op in kear giet er mei in freon in gebou yn dat troch de Dútsers beset is. Se wurde betrape en moatte in pear typmasines nei it haadkantoor bringe. Dêr sit de Ortskommandant Maurer dy't de jonges twingt harren namme en adres op te jaan. Tie fielt him in ferrieder. Hy moast ek wat type en hy wit neat oars as 'Oranje Boven' út de masine te krijen.

Nei dat foarfal fielt Tie him skuldich en in ferrieder, om't er sûnder martele west te hawwen syn namme en adres trochjûn hat. Mei net ien praat er dêr oer.

Yn it lân fynt Tje in kûgel. De kûgel makket him sterk, no is er ek even in held. Hy poetst him glimkjend op, dit is syn geheim, hjir mei net ien fan witte. Hy ferstoppet him by it grêf fan de dûmny.

Yn jannewaris 1945 moat Tje meihelpe om de wapens fan de dropping fuort te bringen. Tje is bang en hy sjocht neat oars as it gesicht fan Maurer foar him.

De fyftjinde jannewaris wurdt de pleats oerfallen troch de Dútsers. Se helje alles oeral om munysje te finen. Tje moat de kûgel kwyt (dy't er wer opgroeven hie nei in brân op it tsjerkhôf). Hy lit de kûgel yn ien fan de jaskûsen glide. De Dútsers fine de kûgel yn de jas fan Hazenberg, de frijer fan Maria. Heit, Hazenberg en in oare ûnderdûker wurde bûten deasketten. Tje en syn mem gean nei pake en beppe, de pleats wurdt ôfbrând. Nei de oarloch sjocht Tje dat er hieltyd mear op syn heit begjint te lykjen. Hy freget him ôf wa't syn heit eins wie. Oan de hân fan in doaze mei âlde foto's komme de oantinkens wer by him boppe.

Motto fan de roman is: 'Ik droomde in de oorlog, dat het oorlog was.' (Ut *De Vogel Phoenix* fan M. Vasalis.)

Yn relaasje mei de ynhâld fan de roman: Tje wol graach in held wêze en oan de ein fan de oarloch is er in ferrieder dy't mei skuld hat oan de dea fan syn eigen heit. Dat hat him nea wer loslitten yn syn fierdere libben. Yn de epiloch freget de man him ôf "Wie de oarloch in wrede dream?"

De roman is yn de ik-foarm skreaun, it is in persoanlike werjefte fan in libbensferhaal fan ien dy't tekene is troch wat der yn de oarloch bard is. Ut de ferteller syn eachpunt wei, ôfwikseljend de jonge en de âldere man, wurdt wat bard is besjoen en bekommintarieard troch de âldere man dy't mei syn eagen nei de jonge sjocht.

De karaktertekening fan de jonge en de âldere man fyn ik minder goed slagge, it bliuwe iendiminsjonale karakters foar my. Van der Ploeg besiket de gefoelens fan de ferteller oer te bringen by de lêzer. En dat troch de ferteller skriuwe te litten hoe't de jonge him fielde yn de oarloch; in ferrieder wylst hy graach in held wêze woe. De skriuwer bliuwt stykjen yn it beneamen fan de gefoelens, hy omskriuwt se net: "Ik bin in grutte ferrieder. Ik bin in grutte ferrieder" (s. 65).

De gefoelens dy't yn it ferhaal oan de oarder komme, lykas it skuldich fielen en it gefoel fan ferrieder te wêzen wurde net libben genôch beskreaun sadat men jin as lêzer net mei de haadpersoan identifisearje kin. De lêzer krijt net de romte om sels de gefoelens te foarmjen om't se foarkôge wurde. En it gefoel wurdt sa faak neamd, de klam leit der sa bot op, dat it op it lêst net mear leauweardich oerkomt.

De opbou fan de roman is net sa konsistint.

It begjin is skreaun út it perspektyf fan de âldere man wei. It ferhaal

oer de oarloch en de belibbingswrâld sjocht de lêzer troch de eagen fan de jonge. De skieding tusken de tiid fan de oarloch en de tsjintwurdige tiid is dúdlik, mar tagelyk wat rommelich.

Yn de roman binne ûnderskate eleminten fan sjenres en stilen trochinoar brûkt. De prolooch bestiet út fragminten fan tinzen fan de ferteller. De haadstikken skreaun út it perspektyf fan de jonge wei binne ferhalen mei in kop en in sturt.

"Wa hat nei safolle jierren noch belangstelling foar in lyts drama út de oarloch, yn in pear oeren besljochte?" (s. 40) De ferteller moat syn ferhaal kwyt mar hat swierrichheden om te begjinnen. Net allinne yn de prolooch komt dat nei foaren mar it krijt ek noch yn it earste diel safolle omtinken dat it langtriederich wurdt. Op dy wize sitte we yndie net op in ferhaal oer de oarloch te wachtsjen. Lokkich komt it ferhaal dêrnei wol op gong.

De haadstikken wêryn't de lêzer troch de eagen fan de jonge yn de tiid fan de oarloch sjocht binne spannend beskreaun. De lêzer wit fan de minne ôfrin ôf om't de âldere man dêryn it begjin al nei ferwiist. De âldere man is as warskôgjende ferteller ynboud: "Of waard oermoed my needlottich?" (s. 101) De lêzer wurdt op dy wize út it ferhaal fan de jonge weihelle en twongen om mei de ferteller nei de ôfrin te sjen.

De beskriuwingen fan it deistige libben yn de oarlochstiid binne slagge. It byld dat oproppen wurdt mei sfearbylden út de oarlochstiid, beskriuwingen fan Ealsum en omkriten en it libben op de pleats komt dúdlik nei foaren. It ferhaal oer de Ortskommandant is oannimlik skreaun.

Yn de lêste pear haadstikken fan it tredde diel is de âldere man wer oan it wurd. Hy freget him ôf hoe't er mei syn oantinkens oan moat. Oan de hân fan foto's beskriuwt er syn twifels en tinzen. It ferhaal is opskreaun, mar hy is net los fan de oarloch.

Yn de epilooch leit de klam net mear sa bot op de oarloch mar mear op it persoanlike mêd; de man beskriuwt syn gefoelens yn de lêste dagen fan syn libben. It fertellen fan it ferhaal dat er him syn hiele libben skuldich field hat oer it feit dat er mei skuld hat oan de dea fan syn heit, hat net befredigjend genôch west. It hat oan de ein sels allinne mar mear fragen opsmiten lykas watfoar man wie syn heit eins? Of hawwe dizze fragen te krijen mei "...de sentimenten fan immen dy't stjerre sil?" (s. 182) De ferteller wurdt mei syn heit konfrontarre en hy moat fan himsels akseptearje dat er him net fan syn heit los meitsje kin. Troch it beskriuwen fan de oarloch is de ferteller tichter by himsels kommen te stean. It skuldige gefoel fan de jonge yn de oarloch is net oer, mar feroare yn in mear persoanlike twifel.

Njonken de oarloch as tema fan de roman kin de oarloch ek as eftergrûn fan it ferhaal sjoen wurde; de oarloch as faktor fan de tiid en de omjouwing dêr't in jonge yn nei folwoeksenheid ta groeit. It is it ferhaal fan in jonge mei begjinnende eroatyske gefoelens en botsin-

gen mei syn heit yn in strang leauwich fermidden. De jonge wurdt thús as snotaap oeral bûten hâlden en net foar fol oansjoen. Troch wat him yn de oarloch ôfspilet wurdt er yn ien klap folwoeksen. Oan de ein fan syn libben hat de man pas de moed fûn om de ferhalen út dy tiid dy't fan sa'n grutte ynfloed op syn libben west hat op te skriuwen.

Uteinlik giet it ferhaal oer losmeitsjen. It losmeitsjen, yn geastlike sin, fan syn heit oan waans dea er sels skuld hie en in besykjen ta it loskommen fan de oarlochstiid.

Ik konkludearje dat de roman nei in wat dreech en langtriedderich begjin dochs net samar wer in boek oer de oarloch is.

Krekt om't ien en deselde persoan oer ferskate perioaden yn syn libben skriuwt, is de roman nijsgjirrich. De oarloch spilet in grutte rol yn it ferhaal, mar de ûntjouwing fan in jonge nei folwoeksenheid ta komt tsjin dy eftergrûn ek nei foaren.

It gegeven fan in ferhaal yn de tsjintwurdige tiid fan de âldere man en ferhalen út de oarlochstiid sjoen út it perspektyf fan de jonge wei, hie lykwols better útwurke wurde kinnen, troch dêroan yn de foarm mear omtinken te jaan.

Durk van der Ploeg,

It wrede foarjier

Friese Pers Boekery, Ljouwert 1994

Priis f 22,50